

Tips foar taalrike aktiviteiten - Lesbrief - 'Alle gear húskes'

Ynlieding

It tema fan it ferhaal dat by dizze lesbrief heart, is 'alle gear húskes'.

Yn dizze lesbrief steane tips foar taalrike aktiviteiten dy 't oanslute by it ferhaal.

Harkspul: 'Alle gear húskes'

Gean mei de bern yn de rûnte sitten en lis ferskate muzykynstruminten en oare foarwerpen dêr 't se lûd mei meitsje kinne yn de midden op de grûn. Lês it ferhaal 'alle gear húskes', oan de bern foar. Besykje mei de bern oft se de lûden út it ferhaal mei de materialen dy 't op de grûn lizze nei dwaan kinne. *Tik tik! Pyk wol graach nei bûten ta*, op dat stuit soene in pear bern mei in foarwerp tikje kinne op bygelyks de grûn of in tromp. *De earrebarre sit tegearre mei har piken hiel heech op it nêst*, no kinne in pear bern mei in ynstrumint lykas in skod-aai of tûkjies fan bûten it risseljen fan it nêst nei dwaan. Lit jimme fantasy der op los! Soargje derfoar dat elk bern in taak hat om in lûd nei te dwaan. Lês dan it ferhaal noch in kear foar en lit de bern op it goede momint de lûden meitsje.



Nifelje: In keunstwurk

Kies in print út it ferhaal en meitsje dêr foar alle bern in swart-wyt kopytsje fan. Jimme kinne de bern ek sels in print kieze litte. Lit se de print beplakke mei stikjes skuord papier. It papier kinne se skuorre út âlde tydskriften, reklamefolders of bygelyks restanten fan kleure papier.

- Stel dat de bern in print hawwe fan in wyt aai út it ferhaal, dan kinne se it aai beplakke mei stikjes wyt papier.
- Stel dat de bern in print hawwe fan de frosk út it ferhaal, dan kin se de frosk beplakke mei stikjes grien papier.



As it goed is, is de print noch wol werkenber, mar sjocht dy der no folle abstrakter út. Jimme kinne de bern ek frijlitte yn de kar fan de kleuren dy 't se brûke. Wêrom soe de frosk perfoarst grien wêze moatte? Of it aai wyt? De bern kin it bêste wol safolle mooglik de foarmen oanhâlde, sadat de foarm fan de frosk, it aai en de oare dingen dy 't op de print steane noch werkenber binne. Helpend hjirby kin wêze, om it húske fan it bist of it bist út te knippen. Dit kin mooglik ek as it al beplakt is troch de bern.



Foarlêze: Fariaasje by it foarlêzen fan it ferhaal 'alle gear húskes'.

Ynteraktyf foarlêze wol sizze dat bern ûnder it foarlêzen aktyf by it ferhaal belutsen wurde. Lês bygelyks it ferhaal 'alle gear húskes' foar en brûk derby bypassende materialen lykas:

- *De húskes fan de bisten út it ferhaal:* In skyldsje, in wyt aai, de wetterdobbe, in apel, de koer of it nêst.
- *De bisten út it ferhaal:* In skyldpod, pyk, frosk, rûp, hûn, earrebarre yn foarm fan in koesbist (knuffel) of in boartersguodbist.

Tip: brûk net tefolle lûden, bisten of húskes. Tink hjirby oan 3 à 4. Foar (jonge) pjutten is dit mear as genôch.

Nijsgjirrige websides:

- www.sfbo.nl
- www.tomke.nl
- www.heitenmem.nl
- www.afûk.nl



Wêr wennesto?

Gean nei ôfrin fan it ferhaal yn petear mei de bern. It ferhaal slút ôf mei de fraach: "Wêr wennesto?" Lit de bern oer harren hûs fertelle en freegje wat se allegearre op de sykplaat sjogge. Kinne jim hjir ek moaie Fryske wurden by brûke? Dizze wurden binne op de sykplaat te finen: kroade, jitter, ljedder, sinneblom, baarch en pompeblêd.

Hoe beweecht in....?

Besjoch de sykplaat mei de bern of lit dy sjen op grut skerm. Hokker bisten sjogge jimme? Kinne jimme it bist ek neidwaan? Doch sels bygelyks earst in froask nei en spring kweakjend troch de romte. Lit de bern om beurten in bist neame dy't jim dêrnei neidogge. Kinst der ek in riedseltsje fan meitsje: hokker bist doch ik nei?

SFBO

www.sfbo.nl - ynfo@sfbo.nl

afûk

www.afuk.frl - ynfo@afuk.nl



